

Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne



© Foto: Atlas Friesland

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

Alle âlde typen pleatsen dy't yn Fryslân foarkomme, steane yn en om Folsgeare hinne, útsein it langhûs type.


- | | |
|-------------------------|-------------------|
| 1. Kop Hals Romp pleats | (Pastorij pleats) |
| 2. Kop romp pleats | (Walma state) |
| 3. Dwershûs pleats | (Scheender state) |
| 4. Stjelp pleats | (Suderburen) |
| 5. Gearstalde pleats | (Carpe Diem) |

Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

It Langhûs.

De boer wennet op de feanterp tegearre mei it fee yn in iepen romte ûnder ien dak. De ûntwikkeling fan de pleats komt yn in nije fase, wannear't de boer skieden fan it fee wennet. It wenhûs is skieden fan de skuorre troch it middenhûs, dat leger is as it foarhûs. Dêrefter de skuorre, dy't fariearret nei geraden it tal stiks fee dat de boer hat. It hea wurdt njonken de pleats yn de heaberch opslein.



Frysk langhûs, tekene troch Joost Hiddes Halbertsma (sirka 1850)

Ut: Lexicon Frisicum

Op de tekening is in âld Frysk hûs te sjen yn trije ôfdielingen, elts ûnder in apart en leger dak, nammentlik 1-wenhûs (binhûs), 2- middenhûs (milhûs) en 3- bûthûs.

It lêste langhûs mei byhearrende heaberch yn Fryslân stiet, folslein restaurearre, yn it doarp Warten. It is as museum ynrjochte (boujier 1725)



foto's: Wikipedia Langhuis Friesland



de stâl fan de pleats

Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

1-Kop Hals Romp pleats

Wenje yn de kop, wurkje yn de hals, opslach yn de skuorre. De skuorre fan it langhûs wurdt grutter makke. Dizze wurdt bytiden sels oer de âlde stâl hinne boud. It foarhûs stiet net rjocht foar de skuorre, mar oan de kant dêr't de kij, krekt as by it langhûs, yn it bûthús stean. It fee stiet mei de kop tsjin de bûtenmuorre oan foar in bûthúsrútsje. Dizze ruten binne tige wichtich, want oan it tal rútsjes is te sjen hoe ryk oft de boer is. De heaberch ferdwynt, it hea wurdt no yn'e midden fan'e skuorre, de golle, opslein. Njonken de golle, yn'e skuorreed, is opslach foar it materiaal.



De pastorij pleats

foarhûs begjin 17^e iuw

skuorre 1873

foto Harmen Wiersma

De molkkelder kriget letter plak ûnder it foarein, dêr't de pleats in ymposante útstrieling troch kriget.

foto Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

2-Kop Romp pleats

Walma state is in kop romp pleats. De pleats hat net in hals. It foarhûs rint troch oant de skuorre. Dêrtroch hat de pleats in gruttere souder. Walma state wie in mingd bedriuw. By de pleats heart yn 1511 in stikje “saedland” fan 6 pûnsmiet. It foarhûs in yn 1906 op’e nij boud troch Klaas Rollema en Baukje van der Goot.



Walma State
skuorre 1877

foto's Atse bruin

foarhûs
1906



Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

3-Dwershûs pleats

De foarâlden fan Simen Kooistra hiene nei alle gedachten graach in kop hals romp pleats boud. Lykwols, der leit in grutte grêft om it perseel. Dêrtroch is hjir net genôch romte foar. Dêrom wurdt it foarhûs mei de hals dwers op de skuorre boud. Dit type wurdt it dwershûs of winkelheak pleats neamd.



Skeender State

foarhûs 1962

skuorre 1904

foto: argyf S. Kooistra



foto: Atse Bruin

Tusken de pleats en Folsgeare leit no de A7.
Sûnt 1972 heart Skeender state by Tsjalhuzum.

Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

4-Stjelp pleats

Suderburen
pleats 1831/1832

foto Atse Bruin



Mei de stjelp wurdt wer werom gien nei it âlde konsept fan de feanterp pleats, alles ûnder ien dak. Foaryn, it leafst oan de noardkant, binne de wenfertrekken mei dêr ûnder de molkkelder. It foarein is werkenber oan de dakbedekking, dy't oan dy kant swarte dakpannen hat. De skuorre wurdt yn read dien. By de pleats fan Osinga en Boschma oan de Tsjaerddyk is dit net it gefal.



Suderburen leit mei de efterkant oan de Folsgeaster opfeart.

foto: Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

5-Gearstalde pleats

Begjin 1900 feroaret it ynsjoch yn it boerebedriuw. De kij ha mear ljocht en romte nedich en automatisearing docht syn yntree. It grutte foarhûs mei dêr ûnder de molkkelder, is net wat dizze pleats sa besûnder makket. Achter it foarhûs, yn de skuorre, is de nije tiid oanbrutsen. De Hollânske stâl docht syn yntree. De kij steane foar it earst net mear mei de kop tsjin de bûtenmuorre. Yn de Hollânske stâl stiet it fee mei de kop nei elkoar ta, skieden troch in weidegong. Mei in railsysteem fanút de skuorre, wurdt it hea nei de kij ta brocht. De grophe leit, mei in rinpaad, tsjin de sydmuorre oan. De fentilaasje yn de stâl wurdt ferbettere. De stâlruuten wurde grutter en de feint kriget in aparte keamer nêst de stâl.



Carpe Diem
pleats 1907

foto Atse Bruin

feinteferbliuw



foto: Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Pleatsen yn en om Folsgeare hinne

De skuorre wurdt bekend as “de Blikken Skuorre” en is de lêste fan dizze soort yn Fryslân.

de blikken skuorre

foto Atse Bruin



Folsgeare kin eins in grut iepenloftmuseum neamd wurde.

Alle typen pleatsen steane yn in straal fan likernôch 1 km om de tsjerke hinne.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atlas Friesland, Atse Bruin, Harmen Wiersma, argyf S.Kooistra, Wikipedia Langhuis Friesland, Lexicon Frisicum

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.